

Taspraak kommissaris fan de Kening A.A.M. Brok by ynstallaasje gearkomst

Monsênjear,
Eksellinsje,
Mynhear de keamerhear fan de Kening,
Mynhear de steatsried,
Steaten fan Fryslân,
Deputearren,
Kommissarissen fan Fryslân,
Kommissarissen,
Jeugdkommissaris,
Boargemasters,
Kollega's,
Gemeentebestjoer fan Doardt en de Drechtstêden,
Famylje, freonen, bêste minsken....

It is hjoed Jiskewoansdei, it begjin fan de fjirtichdagetiid foar Peaske.
It is bysûnder om krekt op dizze dei fan "soberens" ynstallearre wurde te meien...

Ik wol de sprekkers tanksizze foar de wurden dy't sprutsen binne;
sjarmant...., hege ferwachtingen...., faaks te heech?

Yn 'e ôfrûne wiken kaam in byld fan foarhinne werom...
As myn suster en ik, doe't wy jong wiene in nij hûntsje krigen, wie it feest!
Kaamst dermei fan 't bêd en gongst dermei op bêd...
Mar....., nei in pear dagen wie de lol derôf en wie der gewoan gekib oer wa't it bistje útlitte
moast....
No bin ik dan wol gjin nij hûntsje...., mar dochs...
hoop dat yn myn gefal de "freugde" langer duorret...

Ik haw my as doel steld om de kommende wiken in hiel soad minder moaie dingen te dwaan,
sadat elk wer wat yn balâns komme kin en bylden en ferwachtingen reëel wurde kinne...
Ik bin bliid dat ik moarn gewoan oan it wurk kin en elk oergean kin ta de oarder fan de dei...

Mar dochs...
De ôfrûne moannen haw ik fan in protte minsken waarme reaksjes ûntfange mocht.
Mei dêrtroch fiel ik my op 'e nij wolkom en fernim ik in goede basis foar de tiid dy't komt.

Der binne minsken dy't by harren felisitaasje ferwiisd hawwe nei de tiid fan myn
kultuerwethâlderskip yn Ljouwert...
Mar ek dy't oantinkens hiene oan Snits doe't ik dêr mei de wethâlders en sekretarissen, as
team, in moaie tiid hie.....

Ik bin my der lykwols fan bewust dat ik no oan it begjin stean fan in oare perioade yn myn
libben, yn in nije rol mei oare ferantwurdlikheden....
De persoan is deselde bleaun, mar ik bin ek âlder wurden en dit amt freget soms ek
funksjonele distânsje en is net te ferlykjen mei hokker funksjonaliteit ek út it ferline....

Ik hoopje dat jimme my tiid gunne, mar foaral dat jimme my de romte jouwe om dit amt sa yn
te kleurjen dat ik út myn "minske-wêzen" wei tsjinstber wêze kin oan Fryslân en syn

ynwenners...

My past op dit plak tank oan it adres fan kommissaris Leemhuis-Stout.
Net inkeld foar de wize sa't hja de ôfrûne moannen it amt útoefene hat, mar ek foar de kollegiale en profesjonele wize fan oerdracht...
Myn oprjochte erkentlikheid!

Ek tank oan kommissaris Jorritsma en syn frou. Foar de kontakten de ôfrûne jierren...
Ik mocht by jo ynstallaasje yn Eindhoven oanwêzich wêze en fertrou derop dat ik de kommende tiid, yn foarkommende gefallen, gebrûk meitsje mei fan jo ûnderfining en kennis.

Oanwêzigen,
It is net fanselssprekkend dat ik hjir hjoed stean.
Net yn it lêste plak omdat der yn de Fryske skiednis in wat bysûndere relaasje is tusken Friezen en ynwenners fan Doardt...

Yn it boek "Het Koningsvaandel" fan Pieter Winsemius stiet beskreaun dat by de Slach by Hoogwoud de roomske (Dútske) kening Willem yn 1256 troch yngripen fan de Friezen it libben liet nei't er troch it iis sakke...
"Slechts een klein aantal Delftenaren en die van Dordrecht konden het thuis navertellen"...

Willem syn soan, Floris V, naam wraak op de Friezen en splitste it "grutte" Fryske ryk...
It seit himsels dat dy splitsing de oarsaak west hat fan in protte ûnheil en ellinde letter yn de skiednis....

Gelokkich is de fertrouwenskommissje wat sêftsinniger omgien mei dizze ynwenner fan Doardt en begjin ik hjoed offisjeel as fyftjinde kommissaris fan ús foarst yn Fryslân...

Fryslân!
Net allinnich "it bêste lân fan 'e ierde", mar ek de grutste provinsje mei in grut ferskaat oan lânskipstilen...
In sterk MKB en in ynternasjonale foaroansteande lânbousektor.
In provinsje dêr't de toeristysk-rekreative sektor kânsen hat en dêr't de haadstêd in grutske pearle is...
Al hielendal mei Kulturele Haadstêd 2018. In útsochte kâns!
Fryslân, dêr't de jongerein in breed palet oan ûnderwiis folgje kin en dêr't de kwaliteit fan libjen heech is...

Mar der binne ek útdagingen.
Foar de melkfeehâlderij dy't omgean moat mei it greidelânskip, wetjouwing en de wrâldmerk.
Foar de lânbou dy't te krijen hat mei it hieltyd sâlter wurden fan 'e grûn.
De beropsbefolking moat oansluting hâlde mei nije dissiplines sa as ict en robotisearing en in protte zzp'ers leverje alle dagen striid om belis op 'e bôle.

It trochsneed ynkommen is relatyf leech en hiel wat ynwenners binne ôfhinklik fan in útkearing. Net alle ynwenners hawwe it gefoel dat se derta dogge en te folle ûnderfine iensumens en earmoede...

It is foar my in opdracht om yn 'e mande mei de griffier, dêr't dat nedich is, Provinsjale Steaten yn in goede posysje te krijen en yn goed oparbeidzjen mei Deputearre Steaten

datjinge te dwaan wat Fryslân fierder bringe kin...

Oanwêzigen,

Wy libje yn in bysûnder tiidrek.

Mids alle ûntwikkelingen ynternasjonaal, yn Europa en yn Nederlân, sykje ek wy in paad nei de takomst...

In takomst dêr't minsken wissichheden út it ferline, faaks hieltyd mear, yn fêsthâlde wolle en wearden koesterje dêr't se har mei ferbûn fiele....

Dat jildt benammen ek foar kulturele uteringen en gebrûken dêr't wy fertroud mei binne. It bewust wêzen fan identiteit en kultuer wurdt wat langer wat wichtiger....

Op 25 septimber 1999 mocht ik sprekke by de betinking fan de Slach by Warns.

Yn dy taspraak ferwiisde ik nei trends dy't út ûndersyk fan John Naisbitt yn de jierren 80 en 90 fan de foarige iuw nei foaren kamen en dy't eks post noch altyd in hege realiteitswearde hawwe...

Ik neam hjirre trije trends fan doe:

-fan sintralisaasje nei desintralisaasje;

-fan in fertsjintwurdigjende nei in direkte demokrasy en

-in renêssânse fan keunst en kultuer en fan kultureel nasjonalisme en regionalisme...

Yndied.

Wy hawwe de ôfrûne jierren in grutte desintralisaasjeweach op de gemeenten ôfkommen sjen mocht. Oan de provinsje binne taken op it mêd fan natuer taheakke, mar wy meie ek sizze dat de grutte desintralisaasjes oan Fryslân foarbygien binne...

Spitich!

It provinsjaal bestjoer of, sa't jimme wolle, de Friezen sels, kinne hiel goed "ticht by hûs" saken sels regelje...

Of, sa't de sekretaris-generaal fan BZK sels sei:

"Effectief bestuur begint in de regio"...

Twads: wy meie ús represintative demokrasy koesterje!

Dochs is dat allinnich net foldwaande yn it tiidrek dêr't wy no yn libje.

Minsken ferlangje nei mear direkte belutsenheid en partisipaasje.

Foar de fitaliteit fan de demokrasy is mear direkte partisipaasje dan ek fanselssprekkend.

En as tredde: kultuer foarmet de humuslaach fan de mienskip.

It bringt minsken byinoar...

Ik fiel my útnûge om as "adopsje-Fries" yn 'e takomst, útgeande fan de krêft fan de Fryske tradysje en kultuer, te bouwen oan in provinsje mei alve stêden en mear as 400 doarpen dêr't minsken harren útdruklik ferbûn en ferankere fiele mei de mienskiplike kultuer en identiteit, mar dêr't njonken tradysje útdruklik romte is foar ynnovaasje en eigentiidske ynsichten...

En dat allegearre net allinnich yn 2018.

Ek dêrnei...

Net ien kin sûnder oaren en in mienskip fertsjinnet "ferbining".

Gearwurking mei de publike partners, sa as de gemeenten en it wetterskip, is fanselssprekkend. Lyksa mei maatskiplike partners.

Dat jildt ek foar de provinsjes yn it noarden.
Mei Noard-Hollân, Flevolân, Grinslân en Drinte...
De wrâld hâldt foar Fryslân lykwols net op yn it noarden...

De relaasje mei "Brussel" is evident en wy fiele ús besibbe mei dy gebieten yn Europa dy't ek taalpluriformiteit kenne, sa as Bretagne, Kataloanië, Wales, Skotlân en tsientallen oare gebieten.

Bêste minsken,
Taal is útdruklik de drager fan de kulturele identiteit fan in mienskip.

Rob Riemen omskreau it sa treffend yn "Adel van de geest, een vergeten ideaal":

"Taal is het wezen van de mens.

Dankzij zijn taal kan de mens denken, want de gedachte bestaat bij de gratie van de verwoording.

Onze ervaringen en gevoelens krijgen vorm in taal.

Het is de taal die ons de wereld laat benoemen en kennen.

In taal worden wij gekend; is er gebed, betekenis, poëzie.

Door taal is er een wereld die verder reikt dan de werkelijkheid;

is er verleden (er was eens...),

is er toekomst (er zal zijn...).

In taal heeft de eeuwigheid een plaats en blijven doden spreken:

"defunctus adhuc loquitur" (Hebr. 11:4).

Dankzij taal is er betekenis, is er waarheid...".

Ald-deputearre Bertus Mulder skreau yn syn boek "Fryske Taalpolityk":

"Folle mear as in striid om juridyske rjochten is lykwols fan belang dat fan rjochten gebrûk makke wurdt. ... Friezen sille it rûnom brûken fan it Frysk normaal fine moatte. Dat freget betrouwen yn eigen krêft, en oerheden dy't romte jouwe om it Frysk te brûken. ... Dat jildt benammen ek foar it ûnderwiis, dêr't in trochgeande oplieding nedich is om it Frysk út de spultsjesfear te heljen.

Om de Friezen yn Fryslân in better plak te jaan, moat de taalmacht fan it Frysk fuortsterke wurde."

Yn it ferlingde fan wat Mulder sein hat, past it my om yn dizze romte, as jimme kommissaris, ek yn 'e takomst, it Frysk as earste taal te brûken...

Bêste minsken,

Myn neisten witte dat dit amt troch my sjoen wurdt as bysûnder...

Ik fernim it as in foarrjocht dat ik hjir hjoed foar jimme stean mei...

Nei sân moaie jierren yn de "âldste stêd fan Hollân" bin ik werom yn de provinsje dêr't ik sterk ferankere rekke bin...

Mar..., my past nederigens.

In foarsitter is inkeld in actor...

Yn dit amt is neat mooglik sûnder de ferbining mei...

de Steaten,

de deputearren,

de organisaasje;
mei de boargemasters,
de ynstellingen,
benammen mei it bedriuwslibben en net te ferjitten:
de ynwenners....

It byinoar bringen fan allerhande minsken mei inisjativen dy't in aginda ynkleurje wolle foar Fryslân.

Dat is myn rol!

Nije kreativiteit en dynamyk oanfiterje...

Fertrouwen jaan...

Byinoar bringe...

De kommissaris tsjinnet de Fryske saak en is net fan de polityk!

En wol dat ek net wurde...

Bêste minsken, ik slút ôf...

My past tank oan ús kening foar de beneaming.

Ek oan syn minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes en syn kabinetssjef,
oan de fertrouwenskommisje en de stipe.

Tank foar de yntegere wize dêr't de petearen op hâlden wurde koene...

Wêrby't jimme it inisjatyf namen om ticht by de persoan te kommen...

Tank oan de Steaten foar de foardracht...

Mar boppe-al, út myn persoanlik perspektyf wei, tank oan God.

Ik bid en hoopje dat Syn seine rêste mei op it wolwêzen fan de befolking fan Fryslân.

Drs. A.A.M. Brok

1 maart 2017